

Liturgy

Votum en Fredegroet

Ps : 111 : 1 , 5 , 6

Lêzing fan 'e wet (middeis net)

Ps : 119 : 4 („)

Gebet

Lêze út de Skrift : Ps 100

Ps 135 : 1 , 2 , 15

Tekst : Ps 100

Preek

Ps 100 : 1 , 2 , 3 , 4

(middeis : Belidenis fan ùs leauwen .

Sjonge: Lb 444 : 1 , 2 , 3)

Gebet

Kollekte

Ps 33 : 1 , 2 , 8

Segen

Gemeente fan ùs Here Jezus Christus

Psalm 100 is in lofliet .De Psalm jout oan dat dit liet songen waar by in gearkomste. Bygelyks by it bringen fan in tankoffer .

Sa stiet it boppe dizze psalm .

Fansels sil dit lofliet ek wol by oare gelegenheden songen wêze .

Sintraal stiet in dit lofliet : Loovje de HERE !

It âlde folk fan it ferbûn die dat by gelegenheid en wij dogge dat ek . Benammen yn ùs earetsjinsten . Sa eare en priizgje wy de HERE .

En dan begripe wy wol dat it it loovjen fan de HERE der net allinich op 'e sneinen wêze moat . Us libben moat ta eare fan God wêze .

Dat is gjin twingend jok .As it goed mei ùs stiet is dat in bliide saak . It is sin en doel fan ùs libben .

Ik preekje jimme :

Loovje de HERE

1. De ynhâld fan dit loovjen
2. De bemoediging by dit loovjen

1 . De psalm set yn op hege toan .

“ Jubelje de HERE ta , jo hiele ierde ! “ It is wier : de Bibel ropt faak al de bewenners fan de ierde op om de HERE te te loovjen en te priizgjen .En de dei komt dat hiel de ierde Him priizgje sil . Mar yn dizze psalm wurdt de oprop taspitst op it folk Israël , it folk fan God .

Yn it ferfolch fan dizze psalm wurdt benammen sprutsen oer dat folk fan God , oer de skiep , dy 't Hy hoedet . Yn dizze psalm wurdt it folk fan de HERE , wjend yn it beloofde lân , opropen om Him te loovjen .

“Jubelje foar de HERE ! Kom foar syn antlit mei jubel ! “

En wat moat dan de ynhâld fan dit loovjen wêze ?

Op grûn fan Gods Wurd is dêr wol it ien en it oar fan te sizzen . Mar de psalm jout op dizze fraach in koart antwurd .

Wat moat de ynhâld fan dit loovjen wêze ?

“Stim it dochs mei , dat Hy , de HERE ,God is ; Hy hat ûs makke , wy binne fan Him , syn folk , de skiep dy ‘ t Er hoedet . “

Stim it mei ! Leau it ! En belibje dat de HERE God is en nimmen oars .Hy is de almachtige God . Hy is de Skepper fan de himel en de ierde . Hy hâldt alledingen yn stân . Hy is mei neat en nimmen te fergelykjen .

Sa hat op bysûndere wize de Profeet Jesaja oer de HERE sprutsen .

“Mei wa soenen jim God dan fergelykje kinne , hokker gelikenis soe op Him slaan kinne ? (40,18)

....“Witte jimme it dan net ?

Hawwe jim it dan net heart ?

Is it jim fan it begjin ôf oan net te witten dien ?

Hawwe jim sûnt de fûneminten fan ‘e wrâld lein waarden , net ynsjoen dat God boppe de ierdske rûmte troanet ? “ (40, 21 en 22)

....“ Slach de eagen omhegens en sjoch !

Wa hat al dy stjerren skepen ? “(40 , 26)

.... “ Hast it net heard ?

In ivige God is de HERE ,

Skepper fan de hiele wide wrâld .

Noait wurdt Er wurch of rekket Er ynein , en syn ferstân kin nimmen net bedjipje . “(40, 28)

De HERE is God . De HERE . Dat is dy rike namme foar God wêr ‘t mei sein wurdt dat de HERE in ferbûn mei syn folk hat . In fêste bân , in relaasje , wurdt yn ûs tiid sein . Mar dan net in saaklike relaasje , mar in relaasje , wêryn Hy foar syn folk in God fan genede is .Syn folk mei diele yn syn beloften .

Tasizzingen dy ‘Er neikomt !

In God fan leafde en trouw .

In God dy ‘t fan syn folk freget it libjen foar Him yn betrouwen .

Dy God , seit de psalm , hat ûs makke ta syn folk .

Hoe as Er dat dien hat seit dizze psalm net .

Dat wie en is wol bekend by it folk fan de HERE .

De HERE hat syn folk útkeazen út alle folken om syn folk te wêzen .Hy hat sein : Ik bin jimme God , jim bin myn folk . Libje yn oprjochtens foar my . Myn beloften binne foar jim . En dy tasizzingen hâlde it ivige libben yn .Ut genede !

De HERE hat ieuwen lien by de slûting fan it ferbûn in teken jûn .De besnijenis .It teken dat seit : jim hearre by myn folk . Jim meie yn de wei fan it betrouwen op myn beloften diele yn it heil .Ek hat de HERE Peaske ynsteld . It feest fan de befrijing fan syn folk .

Beide ynstellingen fan God , sakraminten sizze wij , binne ta ferfolging kommen yn Christus ‘ kommen en wurk . En yn de nijtestamintyske tiid binne dêrfoar yn it plak kommen de hillige doop en it hillich nachtmiel .Beide sakraminten binne fol fan Christus . Beide sakraminten sprekke fan de ferjouwing fan de sûnden en ivich libben . Beide sakraminten fersgelje dat dy ferjouwing fan sûnden en it ivige libben it diel is fan alle bern fan it ferbûn dy ‘t troch Gods genede leauwe yn Christus , dy ‘t dê ynhâld is fan de sakraminten .

De HERE ropt noch altyd troch syn Wurd en Geest ta dat folk . Minsken út alle folken . Sa is er in folk fan God de ieuwen troch .Foar Christus it folk fan it âlde ferbûn . Nei Christus it folk fan it nije ferbûn . Fan dat folk fan it nije ferbûn is Christus de Middeler. Hy is it middelpunt fan it nije ferbûn . It folk fan it nije ferbûn wurdt karakterisearre troch it lûsterjen nei Christus ; troch it leauen yn Christus ; troch it rêsten yn syn offer ; troch it libjen foar Him yn de krêft fan syn Geest .

Hy , de HERE hat ùs makke , ropt de âldtestamintyske dichter út . En wy meie dat krekt gelyk sizze .

De HERE is de eerste !. Hy kiest , Hy ropt !

Wy hawwe Him net as earsten socht . Hy hat ùs socht !

Nei syn plan fan ivichheid .

Dêr wiist de dichter mei klam op yn dizze psalm .

Dat it hearren nei it Wurd ; it bidden om de wurking fan 'e Geest ùs ferantwurdelijkheid is ,dat is ek de boadskip fan de Skrift . En dêrby meie wij ùs beroppe op de beloften fan de HERE .

Wa 't harket , biddend harket , sil ûntfange .

It is it wûnderlike . Hûndert presint it wurk fan God . Hûndert presint ùs ferantwurdelijkheid .

Wij kinne dat net klear krije mei ùs ferstân Net mjitte mei ùs minselike mjitte . It is it geheim fan God !

Mar wy meie libje by : “ Freegje , en jim sil jûn wurde. Sykje en jim sille fine. Klopje , en der sil foar jim iependien wurde . “(Matt. 7 : 7)

De HERE hoedet syn folk . De dichter brûkt hjir it bekende byld fan de hoeder en syn skiep .

De hoeder giet foarop . De skiep folgje him .

Hy fersoarget en beskermt syn skiep .

De skiep hawwe mar ien ding te dwaen .Harkje nei de stim fan 'e hoeder en achter him oan gean .

Sa is it mei it folk fan God .Harkje , folgje , yn betrouwen op it wurd fan de HERE , op syn beloften . Dwaen wat Hy seit .

Loovje de HERE !

Wat moat en mei de ynhâld fan ùs loovjen wêze ?

Wy tankje Him foar syn genede .

Wy tankje Him dat Hy foar ùs keazen hat en dat wy by syn folk hearre meie .

Wy tankje Him foar syn lieding yn ùs libben .

Wy tankje Him foar fersoarging en beskerming .

Wy tankje Him yn it leauwen , dat Hy ùs fêsthâldt en ta de einbestimming bringt .

Wy tankje Him benammen foar syn genede yn Christus Jezus , dy 't ùs skuld betelle hat en sa foar ùs it ieuwige libben fertsjinne hat .Foar it libben yn Christus , yn frede mei God .

Dat mei foar ùs in konkrete saak wêze . Wy moatte acht jaan op , sjen wa 't de HERE foar ùs is .Yn syn genede en trouw ! Yn Christus , mei wa 't Hy alle dingen jout ,dy 't wy noadich hawwe om op de goede wei te bliuwen .

Dat mei de yn hâld fan ùs loovjen wêze .

2 . Oant twaris ta ropt dizze koarte psalm dêrta op .

“Kom mei tank ta syn poarten yn ,

Mei lofsang yn syn foarhâven.

Tankje Him , priizje syn namme . “

Wy begipe it wol .It giet hjir om it mei lofsang opgean nei de gearkomsten fan it folk fan 'e HERE . Mar , wy hawwe it al sein ,dat hâld yn de oprop om yn hiel it libben tankber foar de HERE te libjen .

It is net allinne sjonge en spylje , mar foaral yn dwaen en litten sjen litte dat wy graach nei syn wollen libje .

Mar , kin dat wol ? Is dat net in ûnmooglike opjefte ?

Wa fan ûs doart te sizzen : ja , ik leau sa fêst , dat sit by my wol goed .Ik libje sa ticht by de HERE . Myn libben is fêst wol ta syn eare .Ik bin sa tankber foar syn genede . Ik sil Him wis loovje en priizje .

Wy libje net altiten sa wis yn it leauwen .Wy libje net altiten sa ticht by God . Wy binne er lang net altiten op út om nei syn wollen te libjen . En der is sa folle dat ûs remmet en slimmer, yn 'e war bringt .

De muoiten en soargen yn it libben . Teloarstellings . Fertriet en wat net allegearre .

Wat kinne de oanfjochtings fan 'e duvel benearend wêze .

“Is it ek dat God sein hat ?

God , wa is God einliks ?

Christus de wei , de wierheid en it libjen ? De ienige wei !

Dat kin je yn dizze mederne tiid dochs net folhâlde ? “

En dan de tsjerkelike muoiten .

Wêr sykje wy ûs krêft ?

Yn it wurd fan de HERE ? By syn beloften ? Of sykje wy it yn ûnderfining en gefoel ?

Underfining en gefoel binne net sûnder wearde , wis net ,mar se binne ûnwis en breklik .De iene dei sa en de oare dei wer oars .

De HERE loovje en priizje is net altiten like maklik .

En boppe dat . Dat seit de Skrift ek .Psalm 100 is in lofpsalm . Maar yn de Bibel steane ek kleilieten . En ek sûnder dat in psalm in kleiliet is klinkt it kleien yn hiel wat psalmen troch .

De measte psalmen binne gjin spesifieke lofsangen .

Ik neam in pear kleilieten .

Ps 130 . “ Ut 'e djipten wei rop ik ta Jo , HERE . ””

Ps 73 . “Wie God is goed foar Israël , foar harren dy 't suver fan hert binne .

Mar ik , myn fuotten wiernen omtrint ûtgliiden, myn stappen wienen hast ûtskamt , mei 't ik oergeunstich wie op dwylsinnigen , om 't ik seach dat it de ferkearden goed gong ...”

De HERE loovje ? Tankber libje ? Wy witte it . Yn eigen krêft komt er neat fan telânne .

Mar dat wurdt ek net frege .

De psalm eindigt mei in krêftige bemoediging .

“Tankje Him , priizje syn namme .

Want goed is de HERE en ivich duorret syn geunst .

Syn trou fan âlder op âlder . “

Wat in bemoediging !

Wat sil de takomst bringe ? Sil er wol takomst wêze ?

De HERE is goed !

De HERE is goed foar syn folk .Hy jout 'it goede '

En dat 'goede 'is fûneminteel : it heil yn Christus .

Hy jout yn Christus it libben yn de fersoende mienskip mei God . En dêr yn krêft en moed .Troch de Geest fan Christus .Hy makket jim ta minsken dy 't harren ynsette om de HERE te tsjinjen .Hy jout nei it wurd fan de apostel Paulus mei Christus alle dingen .Alle dingen dy 't wy noadich hawwe om op de rjochte wei te bliuwen .Om de HERE tankber te tsjinjen . Om Him dochs wer en wer te loovjen .

De HERE is goedgeunstich . In prachtich wurd ! In ryk wurd ! Dit wurd sprekt fan de genede fan de HERE . Fan syn genedich omgean mei syn folk , mei jimme . Yn syn ferbûn .It sprekt fan syn dwaen nei syn beloften .Hy hâldt ûs fêst .Yn ivichheid . Great is syn trou ! Dêrom kinne wy altiten wer fierder .Dêrom kin er ek yn muoitefolle omstannichheden dochs wêze it tankber libjen foar de HERE . Dochs de HERE loovje !

Syn trou is oan't yn fiere slachten .

Syn trou . It wurd sprekt fan betrouberens , fan fêstheid , fan it bliuwende , fan it ûnfergonklike .

Alles is wif . De HERE net !

Loovje de HERE ! Priizje syn namme !

Takomst ? Yn dizze tiid ? Yn dizze wrâld ?

Ja , want de HERE is goed .

Ja , want de HERE is goedgeunstich .

Ja , want de HERE is trou oan't yn ivichheid .

It libben mei de HERE is fûneminteel goed . Neat kin ûs skiede fan syn leafde yn Christus .

Ek de dea net .

Dat is syn belofte .

Wurden , en nochris wurden ?

Ja , wurden .Mar wurden , beloften fan God ! Fan de HERE dy't syn wurden wier makket .

Takomst foar dit libben ?

Ja , want syn goedgeunstigheid is elke moarn wer ny . Oan 't yn ivichheid .

Sa seit de HERE dat .

Oare stimmen ? Steurstjoeders ? It is sa . Och safolle !

Mar de HERE seit :

“Ik bin goed .

Ik bin goedgeunstich .

Ik bin trou .

Ik skink it heil yn Christus . Ik hâld jimme fêst . “

Dêrom is er takomst .

Dêrom kinne en meie wy yn ' krêft fan de Geest fan Christus de HERE loovje .

Yn wurd en died .

Amen